

It boek

fan Sinterklaas

Maarten Stevens

www.cts-producties.nl

www.cts-producties.be

oerset yn it frysk troch

Jetske Jaike Zijlstra

Rollen

Sinterklaas:

De bernefreon, dy't eltsenien fansels wol kin

Haadpiet:

De troue help fan Sinterklaas

Boargemaster Meerman:

In boargemaster dy't himsels wol tíge wichtich fynt. Sels sa bot, dat er kadootsjes fan oaren besiket te krijen.

Plysje Dykstra:

In troue plysje dy't de boargemaster betrapet. Mar fan de boargemaster moat plysje Dykstra him stil halde.

Dekor:

It is handich om in pear skotten del te setten wêr't de spilers efter steane. Fierders is fansels it boek fan Sinterklaes nedich en in tafel der't it boek op lizze kin.

It Boek fan Sinterklaas

BOARGEM: (*komt op, rint hannenwriuwend rûn*) Sinterklaas komt hjoed. Wat haw ik hjir lang op wachte! Ik bin benijd wat foar kadootsje ik krij dit jier. (*bytsje lulk*) Foarich jier hie'k net sa'n grut kadootsje. Ik moast wat leaver foar minsken wêze, sei Sinterklaas. Phoe! Leaf foar minsken wêze. Wat hast dêr no oan?! Minsken moatte gewoan dwaen wat ik tsjin harren siz. Ik bin hjir de boargemaster! (*bliuwt ynienen stean*) Wacht ris. Ik wit wol in manier om ekstra kadootsjes te krijen... Ik krij se gewoan stiekem út de sek fan Sinterklaas! (*blij*) Wat in goed idee! At nimmen oplet dan helje ik stiekem in grut kado út de sek! Haha. Dat gien ik dwaen!

HAADPIET: (*komt op mei wat guod*) Goeie boargemaster. (*jout in hân*) Jo binne der betiid by.

BOARGEM: Moarn haadpiet. Ik kontrolearje at alles yn oarder is foar Sinterklaas.

HAADPIET: Moai sa. Ik hoopje dat alles goed ferrint hjoed. We hawwe in drokke dei en we moatte noch in protte pakjes rûn bringe.

BOARGEM: Wat hawwe jo dêr? As ik it freegje mei?

HAADPIET: Ik set al wat dingen klear. (*set in glês wetter del*) In glês wetter, foar at Sinterklaas toarst hat. (*set woartels del*) Woartels foar it hynder. (*leit it boek del*) En fansels it boek dêr't eltsenien yn stiet!

BOARGEM: (*nijsgjirrich*) En... euh... Wer is de sek fan Sinterklaas mei alle kadootsjes?

HAADPIET: Dy haw ik noch net mei.

BOARGEM: (*teloarsteld*) Werom net?

HAADPIET: At ik dy hjir stean lit dan binne alle kadootsjes fuort foardat ik werom bin. Dat kin fansels net.

BOARGEM: Mar ik wol der wol op passe!

HAADPIET: Sinterklaas hat my útdruklik ferteld dat ik de sek mei kadootsjes net oan in oar jaan mei.

BOARGEM: (*lilk*) Ik bin net samar ien! Ik bin de boargemaster!

HAADPIET: It spyt my boargemaster... It kin echt net. Jo kinne wol op it boek passe.

BOARGEM: (*praktezearjend*) Wat...!? Wat foar boek?

HAADPIET: It boek fan Sinterklaas! Dêr steane alle nammen yn en de kadootsjes dy't eltsenien krijt.

BOARGEM: (*sleau*) Oké, dan pas ik dêr wol op.

HAADPIET: Ik moat wer fierder. (*giet ôf*)

BOARGEM: (*hat it smoar yn*) Moai is dat. Se fertrouwe in boargemaster net iens! No kin ik net stikem in kadootsje pakke út de sek fan Sinterklaas. Ik mei allinnich mar op it boek passe. (*sjocht nei it boek*) It boek dêr't eltsenien yn stiet en hokker kado's eltsenien krijt... (*tinkt nei*) Wacht ris... (*bliid*) Neffens my haw ik in idee krigen wêrmei't ik dochs ekstra kadootsje's krije kin. (*pakt it boek en bleddert der yn*) Ris sjen wat der by myn namme stiet. (*siket*) boargemaster, boargemaster. Ha! Hjur haw ik it. (*lêst foar*) De boargemaster wurket altiten hurd en docht goed syn best. (*grutsk*) Sinterklaas is tefreden oer my. (*lest fierder*) Mar helaas docht de boargemaster net altiten like aardich tsjin de minsken. Hy is gau lilk op betsjinners en tinkt dat hy better is dan oaren. (*lilk*) Hoe doarre se dat te sizzen oer my. Ik bin wol de boargemaster! (*lest fierder*) Ek pakt de boargemaster faak stikem koekjes út de koekjestrommel fan de sekretaresses. Hy jout dan de koffiejuffer de skuld. (*fernuvere*) Hoe wit Sinterklaas dit allegearre? (*lêst fierder*) As kado krijt de boargemaster in lyts kadootsje, krekt as foarich jier. As hy takom jier noch hyltiid net aardicher is foar minsken krijt er hielendal gjin kado! (*lilk*) Hielendal gjin kado! Hoe doarre se!? (*pakt een pin út syjn bûse*) Ik feroarje dit gewoan yn it boek fan Sinterklaas. As ik er delset dat ik leaf west bin krij ik gewoan in grut kado. (*sil wat opskriuwe*)

HAADPIET: (*komt op*) boargemaster...!? Wat dogge jo no?

BOARGEM: (*skrikt*) Wat...!? Ik? O... euh. Ik seach efkes yn it boek fan Sinterklaas.

HAADPIET: Mar werom hawwe jo in pin yn 'e hannen?

BOARGEM: In penne? Euh... Ik seach dat der een komma miste yn een sin en woe dat eefkes feroarje.

HAADPIET: Jo meie net yn it boek skriuwe!

BOARGEM: Dat meie Pieten allinnich?

HAADPIET: Nee. Wy meie dat ek net. Allinnich in Sinterklaas skriuwt yn it boek.

BOARGEM: Aha. Witte jimme ek wat der yn stiet?

HAADPIET: Nee, wij lêze nea yn it boek.

BOARGEM: Dus as immen wat feroaret yn it boek dan kommen jimme dêr net efter.

HAADPIET: Nee. Allinne in Sinterklaas skriuwt yn it boek en allinne hy wit wat der yn stiet. Werom freechje jo dat?

BOARGEM: (*sabearre ûnskuldich*) Nergens om. (*tinkt efkes*) Mar hoe wit Sinterklaas alles oer eltsenien?

HAADPIET: Boargemaster, ik bin al fan jongs ôf piet by Sinterklaas. De lêste jierren bin ik sels Haadpiet, mar Sinterklaas wol it my net fertelle. Dat is myn geheim, seit Sinterklaas dan.

BOARGEM: Nuver.

HAADPIET: Yndie. Mar ik moat noch eefkes wat klear sette en dan kom ik drekt wer. Oant daliks, boargemaster.

BOARGEM: Hoechst net te avensearen hear. (*Haadpiet giet ôf*) Ris efkes sjen wer 't dy haadpiet hinne giet! (*sjocht om de hoeke fan it toaniell*) Die is fuort. (*rint nei it boek en krijt in pin*) Sa. Dit gien ik ris efkes feroarjen. (*lêst foar*) De boargemaster wurket altiten hurd en docht goed syn bêst. Dat kin stean bliuwe (*lêst fierder*) Mar spitichernôg docht de boargemaster net altiten sa aardich tsjin de minsken. Hy is gau lilk op betsjinners en tinkt dat hy better is as oaren. Ek krijt de boargemaster faak stikem koekjes út de koekjestrump fan de sekretareses. Hy jout dan de koffiejuffer de skuld.. (*krast yn it boek*) Dit kras ik troch. En ik set der del: (*skriuwt ûnderwilens*) de boargemaster is hiel aardich tsjin eltsenien. Elts soe in foarbyld oan him nimme moatte. (*lêst fierder*) As kado krijt de boargemaster in lyts... (*krast*) grut kado, (*tinkt efkes en skriuwt dan*) In hiel grut kado. (*tefreden*) Ja. In hiel grut kado. (*lêst*) Hjir stiet noch: At hy takom jier noch hieltiten net aardicher is foar de minsken krijt hy hielendal gjin kado! Dat moat ek fuort. (*krast*)

PLYSJE: (*komt op en sjocht ien yn it boek fan Sinterklaas krassen. Hy slûpt op de boargemaster ôf en ropt:*) Ho! Plysje!

BOARGEM: (*skrikt*) Help! (*docht syn hannen omheech*) Net sjitte. (*draait zich om*) Dykstra?

PLYSJE: (*ferheard*) Boargemaster? Wat dogge jo hjir?

BOARGEM: (*bits*) Dat giet dy neat oan Dykstra!

PLYSJE: (*sjocht yn it boek*) Mar dit is it boek fan Sinterklaas. Jo sitte yn it boek fan Sinterklaas te krassen.!

BOARGEM: Bemuoï dy der net mei! (*sjocht yn it boek*) Moast no ris sjen was't dien hast, Dykstra. Ik haw in grutte kras makke yn it boek trochdat ik fan dy skrok..

PLYSJE: Ik sjoch it. It sil Sinterklaas ek grif opfalle.

BOARGEM: (*skrikt*) Tinkst do?

PLYSJE: Ja! Sinterklaas hat alles sa kreas opskreaawn.

BOARGEM: Mar Sinterklaas is al sa âld. Alde minsken bibberje wol ris. We sizze gewoan dat Sinterklaas útsketten is at er it sjocht.

PLYSJE: Mar dat is net sa. Jo hawwe it dien boargemaster!

BUREGMEE: (*lilk*) We sizze gewoan dat wy fan niks witte en dat Sinterklaas wierskynlik útsketten is!

PLYSJE: Mar dat is lige!

BOARGEM: (*bits*) Ik bin de baas hjir. As do wolst dat ik dy net ûntsla dan wurkest mei Dykstra. Oars kinst do de rest fan dyn libben yn 'e plantsoenetsjinst wurkje.

HAADPIET: (*komt op*) Hawwe jimme rûzje?

BOARGEM: (*skrokken*) Nee.

PLYSJE: Ja.

HAADPIET: Hawwe jimme no wol as net rûzje?

BOARGEM: (*sjocht Dykstra strak oan*) Nee. We hawwe gjin rûzje!

PLYSJE: (*skytskoarjend*) Nee. Der is neat te rêden.

BOARGEM: Kinne wy earne mei helpe?

HAADPIET: Ik kaem eefkes kontrolearjen at alles yn oarder wie foar Sinterklaas. (*sjocht om him hinne*) Neffens my is alles klear. Ik sil Sinterklaas sa ophelje en dan kin it feest begjinne.

BOARGEM: (*skrokken*) No al? Hoe lang duorret it noch foardat Sinterklaas der is?

HAADPIET: In pear minútsjes.

BOARGEM: Dan mei ik wol opsjitte!

HAADPIET: Opsjitte? Wêrmei?

BOARGEM: (*skrikt*) O, euh... (*tinkt nei*) Ik moat myn hier nog eefkes kamme. Ik moat als boargemaster der fansels wol tiptop út sjen!

HAADPIET: Dêr hawwe jo noch wol tiid foar. Ik gean Sinterklaas opheljen. (*giet ôf*)

BOARGEM: (*hastich*) Haadpiet is fuort. Ik moat gau myn kadootsjes opskriuwe yn it boek fan Sinterklaas. Foardat se werom binne. (*bûget him oer it boek*)

PLYSJE: (*sjocht oer it skouder mei*) Wat sil dat, boargemaster?

BOARGEM: Ik haw krekt fuorthelle dat ik net aardich doch tsjin minken en delset dat ik wol aardich bin en dêom in grut kado haw moat. No gean ik opskriuwen hokker kado. Ris efkes tinke...

PLYSJE: Mar dat mei dochs net!?

BOARGEM: Ik bin de boargemaster, ik siz wat wol en net mei. (*tinkt nei*) Ris eefkes tinke. Ik wol wol in nije boargemasterskeatling. Ientsje fan goud. (*wol sriuwe*)

PLYSJE: Mar dat hat Sinterklaas dochs net?

BOARGEM: Hoe bedoelst Dykstra?

PLYSJE: De pieten hawwe alle kadootsjes al ynpakt yn Spanje! Dêr wie fêst gjin gouden boargemasterskeatling by. Dan hat Sinterklaas it fuortendaliks troch dat it net klopt.

BOARGEM: Do hast gelyk. Alle kadootsjes binne al ynpakt. Ik moat dus een kado kieze wat se al ynpakt hawwe. (*blêddert troch it boek*) Ris eefkes tinke wat foar kadootsjes der allegeare binne. Hjirre, in nije trui... (*tinkt nei*) Nee. Ik hoeg gjin nije trui. (*sjocht fierder*) In ien as oare Jeroen krijt in fuotbal... (*twifelt*) Nee. Doch mar net. Ik bin net sa sportief. (*sjocht fierder*) Hee Dykstra, do stiest der ek yn. Do krijst in angel fan Sinterklaas.

PLYSJE: (*bliid*) In angel!? Wauw. Myn angel is stikken gongen fan't simmer en no krij ik fan Sinterklaas in nije angel! (*makket in freugdedûnske*)

BOARGEM: (*tinkt nei*) Euuuhm. In angel....

PLYSJE: (*skrokken*) Nee. Jo nimme net myn angel! Ik wol sa ôfgrysluk graach in angel. Pik myn angel net yn.

BOARGEM: Stel dy niet oan Dykstra. Do krijst ek wat. Do krijst myn kado!

PLYSJE: Wat is dat dan?

BOARGEM: (*blêdert, teloarsteld*) In sûkelarjeletter.

PLYSJE: (*fernuvere*) In sûkelarjeletter?

BOARGEM: (*beskamme*) Ja. Sinterklaas fynt dat ik net leaf west haw en dat ik derom mar in lyts kadootsje mei.

PLYSJE: Mar die angel is foar my.

BOARGEM: Goed goed. Dy angel meist do. Ik hald dochts net fan fiskjen (*blêdert fierder*) Ris sjen. Myn buorman Stienstra stiet der ek yn. (*lilk*) Wat, krijt die in nije fiets! Bespotlik! Dat is nochris in mislike fint. (*lêst*) Stienstra docht in protte frijwillichersurk en soarget goed foar syn âlde mem. Daarneist is er foarsitter fan de wykferiening. Stienstra hat foar al syn wurk in grut kado fertsjinne!

PLYSJE: Stienstra is yndie in beste fint.

BOARGEM: (*pakt pinne en krast*) Ik kras dit mooi fuort (*skriuwt*) Stienstra narret syn buorman, de boargemaster en fertsjinnet derom in lyst kado: in sûkelarjeletter.

PLYSJE: (*sjocht mei*) O. Dat is gemien. Dat mei net boargemaster.

BOARGEM: Do seist neat tsjin Sinterklaas Dykstra! Oars krijst mei my oan 'e stôk (*blêdert*) Sa. No moat ik allinnich noch efkes by myn namme delsette dat ik in nije fiets krij. (*skriuwt*)

PLYSJE: Ik sil dit oan Sinterklaas fertelle!

BOARGEM: (*lulk*) As 't do dat dochts Dykstra, dan ûntsla ik dy!

PLYSJE: Heden hidske, mar ik wol myn baan net kwyt.

BOARGEM: Dan moast neat tsjin Sinterklaas sizze. Stienstra krijt takom jier wol wer in leuk kado.

HAADPIET: (*komt op*) Sinterklaas komt der oan.

BOARGEM: (*skikt en docht gau it boek ticht*) No al? Goed, wy binne klear. (*tsjin de bern*) Sinterklaas komt der oan. Sille wy mei syn allen sjonge: Swarte Piet soe út fytsen?

(*Sinterklaas komt op*)

(*Bern sjonge: Swarte Piet soe út fytsen*)

SINTERKLA: Goeie bern. Goeie boargemaster en goeie plysje. Leuk dat jimme der allegeare binne.

BOARGEM: Goeie Sinterklaas, wy wolle jo hertlik wolkom hjitte yn ús doarp/ stêd. Wy binne bliid dat jo der binne. (*Sinterklaas giet sitten*)

SINTERKLA: Ik bin ek bliid dat ik der bin. Ik moat sizze, sa'n jier yn Spanje is dochts wol lang.

HAADPIET: (*bringt boek nei Sinterklaas*) Sinterklaas, de bern sitte tige spand op de kadootsjes te wachtsjen.

BOARGEM: Net allinnich de bern sitte yn spanning op ‘e kadootsjes te wachtsjen.....

SINTERKLA: (*pakt boek oan*) Sille wy ris sjen wat er allegeare yn it boek fan Sinterklaas stiet?

BOARGEM: (*bliid*) Ik bin benijd.

SINTERKLA: (*blêdert it boek troch*) Wat is hjir oan ‘e hân?

HAADPIET: Wat is der Sinterklaas?

SINTERKLA: De boekelizzer leit ferkeard, Haadpiet. Ik haw fan ‘e moarn it boek eefkes trochsjoen en de blêdwizer by de goede bledside lein. Mar no leit de bledwizer hiel earne oars!

HAADPIET: Hoe kin dat nou?

BOARGEM: (*sabeare ferheard*) Wat raar!

SINTERKLA: Siz haadpiet, hast do yn it boek sjoen?

HAADPIET: Nee Sinterklaas. Ik haw it boek by jo ophelle en hjir alfêst klearlein.

SINTERKLA: Wat raar. (*blêdert yn it boek*) Moast no ris sjen. Der is ek yn it boek krast.

BUREGMEE: (*sabeare ferheard*) Mienst do dat no Sinterklaas? Hoe kin dit!?

HAADPIET: It moat dan bart wêze doe’t ik eefkes fuort wie.

SINTERKLA: Der is ek yn skreauwn yn it boek. (*wiist yn it boek*) Dit is net myn hânskrift, haadpiet.

HAADPIET: De boargemaster wie der by doe’t ik it boek hjir dellei. (*tsjin de boargemaster*) Dat kloppet dochs.

BOARGEM: Klopt. dêr wie ik by.

SINTERKLA: En hawwe jo dêrnei noch minsken sjoen dy’t yn it boek skreauwn en krast hawwe?

BOARGEM: (*skoaddet de holle*) Nee. Ik haw hjir nimmen sjoen, Sinterklaas.

HAADPIET: Dus jo wiene as iennichste hjir boargemaster?

BOARGEM: Ja.

HAADPIET: (*stoarret wantrouwich nei de boargemaster*) Wachtsje ris eefkes...!

BOARGEM: (*fielt dat hy fertocht wurdt*) Jo tinke dochs net dat ik....(*ferheard*) Ik bin de boargemaster. Boargemasters dogge sokke dingen net.

SINTERKLA: It gekras is wol by jo namme boargemaster.

BOARGEM: (*ûngemaklik*) Ek tafallich...

Einde zichtversie